

## Fragen foar it fragenhealoere

**Datum:** 3 septimber 2026

**Underwerp:** Brêge Skûlenboarch

Achte kolleezje,

### Ynliding

De brêge fan Skûlenboarch hat de lêste tiid in soad yn it nijs west. De brêge is goed 75 jier âld en is oan ferfanging ta. Tagelikertiid moat Rykswekkersteat besunigje. De FNP makket him soargen oer it feit dat de brêge net yn it mearjierrenprogram foar ynfrastuktuer (MIRT) fan Rykswekkersteat opnaam is. Foar it ein fan dit jier moat der in beslút oer de brêge falle.

#### 15. Hoofdvaarweg Lemmer – Delfzijl: Schuilenburg

- ❖ Rijk en regio constateren dat met het vaststellen van de voorkeursbeslissing voor het vervangen van de bruggen bij Spannenburg, Oude Schouw, Uitwellingerga en Kootstertille, het zicht op een concrete oplossing voor de vijfde Friese brug bij Schuilenburg nog ontbreekt.
- ❖ Het Rijk komt daarom in 2026 versneld tot een beslissing voor de brug bij Schuilenburg, waarbij de regio nadrukkelijk betrokken blijft.

Boarne: [Afsprakenlijst MIRT – Bestuurlijke Overleggen MIRT januari 2026](#), side 61

It fernuveret de FNP dat de opsje fan it net ferfangen fan de brêge noch altiten op tafel leit.

### Fragen

Underskriuwt it kolleezje de wichtige rol dy 't de brêge spilet foar de lokale mienskip en de bredere regio en it belang fan it behâld fan de brêge?

Kin it kolleezje oanjaan hokker ynspanningen it op dit stuit ferrjochtet om it Ministearje / Rykswekkersteat op oare gedachten te bringen?

Kin it kolleezje oanjaan wat de stân fan saken fan de lobby op dit stuit no is?

Út namme fan de FNP-fraksje Tytsjerksteradiel,

Tjerk Buma